



JIERFERSLACH 2019

Utgouwerij Grotesk
Boomstraat 32d
1015 LC Amsterdam
ynfo@grotesk.site
020 693 86 31



Ynhâld

| | |
|---|----|
| Foaropwurd fan de foarsitter | 2 |
| 1 Ferslach fan it bestjoer | 3 |
| 1.1 Fisy, missy, doel en oanpak | 3 |
| 1.2 Barren en wurk | 3 |
| 1.3 Súksessen en wjerslach | 3 |
| 2 Takomst | 4 |
| 2.1 Aktiviteiten | 4 |
| 2.2 Projekten | 4 |
| 3 Organisaasje | 5 |
| 3.1 Bestjoer | 5 |
| 3.2 Wurknimmers | 5 |
| 4 Jierrekken | 6 |
| 4.1 Balâns | 6 |
| 4.2 Steat fan baten en lêsten | 7 |
| 4.3 Taljochting op 'e balâns en steat fan baten en lêsten | 7 |
| 4.4 Ferklearring fan de Kaskommisje | 9 |
| 5 Begrutting | 10 |
| 5.1 Risseltatebegrutting | 10 |
| 5.2 Taljochting begrutting | 10 |
| Bylagen | 11 |
| It útjoufûns | |



Foaropwurd fan de foarsitter

Yn 2019 lei it swiertepunt by it fuortsterkjen fan de oarspronklike fiksje yn it online literêre tydskrift Fers2 en by fierdere profesjonalisearring fan it tydskrift. Dat hat fertuten dien: it tal besikers is mei de helte tanommen njonken 2018. Yn it jier 2019 hat Grotesk ta syn spyt de jierlikse eksintrike publikaasje ôfstelle moatten. De plande blomlêzing út Fers2 is útsteld. Ljouwert hat de titel 'UNESCO City of Literature' takend krigen en sil dy ynfolje mei in sintraal koördinearre organisaasjestrúktuer foar benammen publyksrjochte en kommersjele literêre aktiviteiten. Dêrby binne Grotesk noch Fers2 belutsen, mar yn it jier 2020 sille wy mei in eigen projektútstel oansluting sykje. Grotesk hat ynfestearre yn literêre produksje en in progressive literêre atmosfear.

1. Ferslach fan it bestjoer

It jier 2019 wie it tredde begruttingsjier fan Grotesk. Grotesk seach de boekbestellingen wat omdel gean. De plande ‘book sale happening’ koe net trochgean; wy binne der bliid om dat de lêzer ús eksperimintele literatuer online wit te finen. Oan it ein fan it jier hat de twadde Grotesk-auteur Aggie van der Meer – nei Eppie Dam yn 2017 – de Gysbert Japicxpriis takend krigen foar har folsleine oeuvre. Dat hat nea *art pour l’art* west mar altyd polityk engeazjearre: dat ynspirearret Grotesk syn plannen foar de takomme jierren.

1.1 Fisy, missy, doel en oanpak

De fisy fan Grotesk is de nije generaasjes in artystyk krêftige Fryske literatuer te bringen. Us missy is it fersprieden fan Frysktalige literatuer. Us oanpak is dy fan lytsskalige projekten en promoasje yn hieltyd gruttere kriteren.

1.2 Barren en wurk

Yn it tredde jier fan Grotesk is benammen ynset op skerpere profilearring fan it literêre tydskrift Fers2. Kâlde en waarme akwisysje binne kombinearre, mei iepen oproppen om yn te stjoeren en begelieden fan fêste Fers2-meidoggers. De beoardieling fan binnenkommen manuskripten, kwa planning en kommunikaasje, is optimalisearre. De Fers2-foarmjouwing is ferbettere. It tal ‘daily average visits’ wie yn 2018 sa’n 100 en yn de twadde helte fan 2019 wie it 150.

Dit jier hat Grotesk net syn jierlikse bysûndere publikaasje útbringe kinnen. Alle projekten binne trochskood nei 2020. Op steapel stean it útjaan fan in Fers2-blomlêzing, in anty-poëzybondel, in debut-dichtbondel en in lichtfuottige memoirebondel. Wat de takomstdoelen fan ferline jier oangiet, ien prozadebutant en ien begjinnende dichter hawwe in fêst platfoarm en begelieding en coaching by Grotesk fûn.

It bestjoer kaam elke trije moannen gear en hold tuskentroch kontakt fia de cloud om it proses libben te hâlden.

1.3 Súksessen en wjerslach

- In hiel goed rinnend tydskrift: 150 deistige besikers trochinoar!
- Ek sûnder ekstra marketingaktiviteiten in boekferkeap nei tefredenheid
- In hieltyd grutter netwurk fan Frysktalige en Nederlânsktalige skriuwers
- In fisy op keunst dy’t sichtber oanslacht: Fers2 krijt in soad kopij
- Oparbeidzjen mei de auteurs: as jo skriuwe binne jo nea allinne

Grotesk hat fiif wurken útjûn, en dêrby is safolle mooglik rekken holden mei hoe’t de skriuwer wurkje woe. Drege, fergetten of eksperimintele dichters binne út ferjitnis rêden. Postmoderne selsrefleksive fertelfoarmen binne útprobearre. Krityske kreative nonfiksje is yntrodusearre.

2. Takomst

Yn 2020 krijt, as part fan de Unesco Creative City Network foar ekonomysk en kultureel efterbleaune stêden, de City of Literature syn beslach. Under de paraplu dêrfan sil it Fryske literatuerbelied him rjochtsje op aktiviteiten dy't de regio fertuten dogge, lykas boekferkeap. Grotesk sil yn 2020 as boekprodusint syn beskieden rol spylje. Tagelyk sille wy ynsette op de profesjonalisearring fan de net-kommersjele skriuwer. Want, sa't Henry James konkludearre, it ynstitúsjonalisearjen fan de roman liedt net ta artistike kwaliteitsferheging. Wy ha plannen foar gjin-ferlet-fan-bedreaunens skriuwkursussen oant masterclasses mei ballotaazje.

Neist dy nije tsjinsten sille wy it útjouproses fierder optimalisearje. Foar in lytse en dus kwetsbere organisaasje yn 'the sea of troubles' is in fleksibele taakferdieling essinsjeel, mei in elastysk en effisjint skema fan ynformearjen en aksjeplan-opstellen. Grotesk hie al in papierearme organisaasje en wy sille ús nocjh klearder profilearje as e-business. De akwisysje fan manuskripten sil aktiver, net rjochte op de 'literêre jeungd' mar op bedreaune keunstner dy't wy helpe kinne by mear komplekse útjouwprojekten, lykas yllustrearre of 3D boekobjekten.

In fanselssprekkend doel yn 2020 is om fernijend wurk te pubisearjen, online en ek op papier.

2.1 Aktiviteiten

- Utjefte debútdichtbondel yn beheinde oplaach (50-100), foar in part finansiere mei fûnsen foar Frysktalige literatuer oanfolle mei aparte stipe foar de yllustraasjes.
- Utjefte memoires/skriuwersbiografy (250 eksimplaren), finansiere mei provinsjale subysdzje. It giet om oantinkens oan de skriuwer Trinus Riemersma, fan Antsje Swart.
- Ien iepenbiere promoasje-event mei lêzingen, workshops en boekferkeap.

2.2 Projekten

It tydskrift Fers2 hat gjin útnoeging krigen foar in adfisearjende of oare rol yn it ferwêzentlikjen fan de City of Literature Ljouwert/Fryslân. Fers2 sil him dus los fan de organisearre, offisjele programma's profilearje as kritysk en artistyk medium. Redigearjen, keunstsinnich likegoed as wittenskiplik, giet yn de global digital age net mear oer de tekst allinnich, mar ek oer de sosjopolitike kontekst dy't de kultuer omfettet. Om tiid en enerzjy frij te krijen foar it aktyf rjochtingjaan fan de literatuer, lykas foar coaching en begelieding fan skriuwers, ha wy besletten de arbeidsyntinsive produksje om de fjirtjin dagen werom te bringen; Fers2 komt yn 2020 7 kear it jier út en is dan 'dikker'. Sa rinne wy net langer efter de literatuer oan, mar der wer foar út.

It twadde projekt yn 2020 is in lytsskalige masterclass, mei it doel om de kwaliteit fan de hege literatuer te fuort te sterkjen. De Fryske literatuer is bot rjochte op ferstevigjen fan de brede basis fan de skriuwpyramide, sadat kursoarysk fersterkjen fan de top folslein mist yn Fryslân en skriuwers derfoar nei de rânestêd moatte. Dat knyp punt wolle wy weinimme mei de allerearste masterclass yn Fryslân en yn de Fryske taal.



3. Organisaasje

Utjouwerij Grotesk is in stichting mei in kulturele ANBI-status.

It KvK-nûmer is 66810531.

It RSIN is 856706723.

De kontaktgegevens fan Utjouwerij Grotesk binne:

Boomstraat 32d

1015 LC Amsterdam

ynfo@grotesk.site

020 693 86 31

www.grotesk.site

Grotesk is oansletten by de Vereniging van Zelfstandige Uitgevers en by Boeken fan Fryslân.

3.1 Bestjoer

It bestjoer bestiet út trije leden foar ûnbeskate tiid dy't net betelle wurde foar bestjoerstaken, mar it boekefak sjogge as ropping. Alle bestjoersleden binne ek redakteur, mei ûnderfining yn fiksje en nonfiksje. De bestjoersleden kinne gjin ûnôfhinklike besluten nimme.

| | |
|-------------|-----------------------|
| Foarsitter: | Hannah Wolff |
| Skriuwer: | Hannah van der Heijde |
| Ponghâlder: | Friduwih Riemersma |

3.2 Wurknimmers

Yn 2019 hawwe der gjin wurknimmers yn tsjinst west. Ek hat Grotesk gjin gebrûk makke fan stazjêrs en ek net fan frijwilligers. Foar safier't it bestjoer redaksjeaktiviteiten útfierd hat, wie dat as freonetsjinst.



4. Jierrekken

De jierrekken en dit jierferslach binne goedkard troch it bestjoer op 24 maaie 2020. It goedkarren is opnij mei in mits: der mei in 2020 net noch mear jild sparre wurde. De jierrekken 2019 is apart publisearre, op grotesk.site.

4.1 Balâns

| Balâns op 31-12-2019 (yn euro's) | | | |
|----------------------------------|-------|------------------|------------------|
| | Talj. | 31 desimber 2019 | 31 desimber 2018 |
| AKTIVA | | | |
| <i>Fêste Aktiva</i> | | | |
| <i>Omgeande aktiva</i> | | | |
| Foarrie Ree Produkten | 1 | 1.100 | 1.300 |
| Debiteuren | | | |
| Likwide middels | | | |
| Bankrekken | 2 | 11.085 | 11.171 |
| Kas | 3 | 180 | 180 |
| MEI-INOAR | | 12.365 | 12.651 |
| PASSIVA | | | |
| Eigen fermogen | 4 | 11.486 | 11.811 |
| Reserve Projekt Fers2 | 5 | 574 | 574 |
| Koartrinnende skulden | 6 | 305 | 295 |
| Reserve Projekt Sis Tsiis | | | -29 |
| MEI-INOAR | | 12.365 | 12.651 |



4.2 Steat fan baten en lêsten

| Steat fan baten en lêsten oer 2016 | Talj. | 2019 € | 2018 € |
|------------------------------------|-------|--------|--------|
| <i>Baten</i> | | | |
| Subsydzjes, jeften, stipe | 7 | 0 | 0 |
| Opbringsten út PoD en ferkeap | 8 | 160 | 617 |
| Foarrie ree produkt | 9 | 1.100 | 1.300 |
| <i>Baten mei-inoar</i> | | 1.260 | 1.917 |
| <i>Lêsten</i> | | | |
| Algemiene lêsten | 10 | 222 | 487 |
| Redaksjtsjinsten | | | |
| Boekûntwerptsjinsten | | | |
| Printsjen, publisearjen, ensfh. | 11 | 0 | 393 |
| Promoasje/distribúsjeaktiviteiten | 12 | 80 | 211 |
| Foarskot/royaltys | 13 | 10 | 28 |
| <i>Lêsten mei-inoar</i> | | 312 | 1.119 |
| Foardielich saldo | | 948 | 798 |

4.3 Taljochting op 'e balâns en steat fan baten en lêsten

Hjirûnder ljochtsje wy de spesifike posten út de balâns op 31 desimber 2019 neier ta.

Omgeande aktiva: 2019 €

1 Foarrie ree produkten 1.100

It giet om in foarrie fan 185 noch net ferkochte publikaasjes mei in trochsneed produksjewearde (printkosten) fan 6,00 euro.

Likwide middels:

2 Bankrekken Triodos 11.085

3 Kas 180

De likwide middels stean ta frije beskikking fan de stichting, útsein de reservearringen foar it projekt Fers2; mei de projektorganisaasjes binne aparte ôfspraken makke, en dêrûnder dat de stichting har finansjes beheart en transparant makket, sjoch hjirûnder 5.



Passiva:

4 Eigen fermogen 11.486

It eigen fermogen is in kontinuïteitsreserve, dy't allinne mar tsjinnet om de doelstellingen fan de stichting ferwerklikje te kinnen. It stichtingsbestjoer hat fêstlein dat de kontinuïteitsreserve net grutter wêze mei as 10.000 euro. Ut reden fan it hege eigen fermogen is dit jier gjin stipe oanfrege foar it publisearjen fan nije útjeften. It eigen fermogen is yn 2019 ôfnommen mei € 325.

5 Reserve Projekt Fers2 574

De reserve fan it literêr tydskrift *Fers2* komt út partikuliere stipe (de webhosting fan € 7 is in skinking, bûten de boeken bleaun) en is ornearre foar in papieren *Fers2*-blomlêzing yn 2020.

6 Koartrinnende skulden 305

a. Noch te beteljen bestjoerders-, promo- en distribúsjekosten 267
b. Noch út te kearen foarskotten/royalties oan auteurs 38

Hjirûnder ljochtsje wy de spesifike posten út de steat fan baten en lêsten oer 2019 neier ta.

Baten: 2019 €

7 Subsydzjes, jeften, stipe 0

Subsydzje foar publikaasje Frysktalige oarspronklike nonfiksje 0
Jefte foar útjaan en promoasje Frysktalige fiksje/nonfiksje 0

8 Opbringsten út PoD en ferkeap 160

Printing on demandpublikaasjes foar partikulieren, nij en út reserve

9 Foarrie ree produkt 1.100

It giet om in foarrie fan 185 noch net ferkochte publikaasjes mei in trochsneed produksjewearde (printkosten) fan 6,00 euro.

Lêsten:

10 Algemiene lêsten 222

a. Bankkosten Triodos, Sepay, GWk 150
b. Lidmaatskip brânzjeferiening 72
c. Bestjoers-, reis-, repres.kosten 0

11 Printsjen, publisearjen, ensfh. 0



| | | |
|--|----|----|
| a. Printing on demand, mei alle tarieding en tsjinstferliening | 0 | |
| b. Identifikaasjekosten | 0 | |
| 12 Promoasje/distribúsjeaktiviteiten | | 80 |
| Boekpresintaasje- en promoasje | 73 | |
| Distribúsjekosten | 7 | |
| 13 Foarskot/royaltys | | 10 |
| Noch út te kearen yn 2019 | 10 | |

4.4 Ferklearring fan de Kaskommisje

De jierrekken wurdt opsteld ûnder ferantwurdlikens fan de ponghâlder. It bestjoer hat yn 2016 ôfpraat en yn 2019 bekrêftige dat gjin gebrûk makke wurdt fan ekstern ûnderstypjen by it opstellen en de kontrôle fan de jierrekken. De jierrekken fan 2019 is kontrolearre troch in kaskontrôlekommisje. Ek oer it jier 2019 koe de kaskontrôlekommisje in yntegrale kontrôle ferrjochtsje, dat yn ferbân mei it lytse tal fan transaksjes. De kaskontrôlekommisje ferklearret dat begjin en einsaldi korrspondearje mei de bankôfskriften, dat de ynkomsten en útjeften ferantwurde binne mei skriftlike en digitale (pdf) beskieden; de kaskontrôlekommisje hat fierder gjin opmerkingen oer de finansjele stikken.

Ferklearring fan de Kaskommisje

Oan:
Stichting Grotesk
Boomstraat 32d
1015 LC Amsterdam

Underskreune(n):
Namme: C. L. ZÜRCHER
Adres: Lijndamstraat 101-10
PK en wenplak: 1016 KT Amsterdam
en
Namme:
Adres:
PK en wenplak:

Ferklearret/ferklearje hjirby dat hy/hja alle stikken en beskieden, dy't de eksploitaasje oer it tiidrek 1-1-2018 oant en mei 31-12-2018 en de balâns fan 31-12-2018 fan de stichting Grotesk te Amsterdam oanbelangje, kontrolearre hat/hawwe en dy yn oarder achtsje. De Kaskommisje fersiket de gearkomste om de betsjorder(s) desjarzje te ferlienen foar it fierde finansjele belied oer it tiidrek 1-1-2018 oant en mei 31-12-2018.

Plak Amsterdam datum 23.2.2020

Namme(n) en hantekening(en):
C. L. Zürcher [Handtekening]

5. Begrutting

5.1 Utgongspunten foar de begrutting 2020

- Wy rjochtsje ús op prosesûnderstypjen, lykas skriuwbegelieding, en sille net mear as twa útjeften yn produksje nimme.
- Yn it jier 2020 set de City of Literature Ljouwert/Fryslân in aktiviteitprogramma op, mei allerhanne leechdrompelige aktiviteiten dêr't Grotesk mooglik by oanheakje kin.

Risseltatebegrutting

| | Begrutting 2020 | Begrutting 2019 | Ferskil |
|--|--------------------|--------------------|-------------|
| KOSTEN | | | |
| Tariedingkosten | 700 | 250 | +450 |
| Produksjekosten | 800 | 1.000 | -200 |
| Distribúsjekosten en kosten út ferkeap | 300 | 250 | +50 |
| Promoasjekosten | 300 | 200 | +100 |
| Algemiene kosten | 600 | 500 | +100 |
| Unfoarsjoen | 100 | 100 | 0 |
| KOSTEN MEI-INOAR | 2.800 | 2.300 | +500 |
| OPBRINGSTEN | | | |
| Eigen ynkkomsten | 500 | 500 | +0 |
| Ferkeap | 1.100 | 1.300 | -200 |
| Subsydzje | 1.200 | 500 | +700 |
| OPBRINGSTEN MEI-INOAR | 2.800 | 2.300 | +500 |
| RISSELTAAT MEI-INOAR | 0 | 0 | 0 |

5.2 Taljochting

De kosten sitte benammen yn boekproduksje. Mei yngong fan 2019 binne de kosten fan lytse rigen ISBN-nûmers drastysk omheech gien, wat tige ûngeunstich is foar lytse útjouwerijen, en tagelyk ferhege de oerheid de btw op it boek fan 6 nei 9 persint. Oplagen foar foar heechliterêr wurk yn de Fryske taal binne lyts, mei konsekwinsjes foar de kosten it boek. Grotesk wol de hegere kosten net trochberekkenje nei de skriuwers. Grotesk wol ekofreonlik

G

printsjen bliuwe. Dat betsjut dat wy de boektarieding, en dêrûnder redaksje en korreksje, safolle mooglik mei sletten beurzen dogge. Wy nimme gjin wurknimmers yn tsjinst, mar sille spesjale taken útsette by freelance saakkundigen.

Wat de opbringsten oanbelanget, om't de merk foar it Frysktalige boek hiel lyts is, sil Grotesk in berop dwaan moatte op de wichtichste subsydsjefjouwer foar Frysktalige fiksje en non-fiksje, nammentlik de provinsje Fryslân, dy't útjeften stipet binnen it taalbefoarderingsramt. Foar útjeften dy't bûten it (mainstream) taalmêd falle, bygelyks boeken sûnder wurden lykas graphic novels, sille fûnsen wûn wurde. Wy garandearje de subsyzjefjouwers en donateurs dat mear as 90 persint fan de stipe oan de boekproduksje en -fersprieding bestege wurdt. Nota bene: Grotesk hat fêststeld dat it eigen fermogen net boppe de 10.000 euro útkomt; is dat wol sa dan bekostiget Grotesk nije útjeften út eigen bûse.

It tydskrift Fers2 krijt prinsipjeel gjin oerheidssubsydzje. De oare projekten hawwe in aparte projektbegrutting.

G

Bylage

It útfjoufûns



